


Spulwike Nijs



Spulwike Littenseradiel 2024. 22 oan't en mei 26 july 2024. 21e jiergong.



Fan de foarsitter

Dit jier wie Spulwike op Safari yn Wylde Wierrum, Krokolittensen Wyldum. Meidefierrekiker hawwewy op 'e syk west nei ferskate bisten. Troch it kamûflearje meiferfen blauwedrek, survival, itsminke, sliepen yn 'e skoalle yn Weidum, it pankoekiten en te gekke lieder wie it wer in machtige, te gekke wike. Bern, wy hoopje dat jim in protte wille hân ha.

It makket my grutskentankber dat wy mei ús allen foar de 52^e kear alwer demoaistewike fan it jier organisearre hawwe: Spulwike 2024. Dat soe sûnder ús, mei mear as 160 frijwilligers dy't by de Spulwike belutsen binne, net mooglik wêze. Dy binne nammentlik al moannen yn it spier mei de tariedingsfoardizzewike. Syskriuwe deferhaallinen, ûntwerpede podia, hawwed it jier nije tribunes boud, betinkedegroepsnammen fan de bern, ûntwerpe de shirts en gean sa mar troch. En dat faak jierren lang. Dêr meie je best grutsk op wêze.

Troch dizze wei wol ike graach ús stipers, freonen, de

gemeenten Ljouwert en Súdwest Fryslân en alle oare belutsen partijen te betanke foar harren bydrage oan Spulwike 2024. Eksûnder jim gjin Spulwike.

Ik hoopje dat jim mei dizze krante yn 'e hannen neigenietsje kinne fan alle Spulwike-ferhalen en mominten. Ut namme fan alle frijwilligers winskje ik jim in noflike simmer ta.

*Ut namme fan 'e stifting,
Elizabeth Sijbesma
Foarsitter Stifting Spulwike*



Side 2



Side 4



Side 5



Side 7

Wylde Wierrum “Op syk nei de fermiste bisten!”

Troch: Sanne en Berber

Yn Wylde Wierrum binne wy dizze wike op safary! Wy moasten ús dêrfoar kamûflearje om net op te fallen foar de wylde bisten. Dit hawwe wy

dien troch elkoar yn te smarren mei allegear ferskillende kleuren ferve. It mega grutte fergefjocht wieslaggeen wy wienen klear foar de safary! Mar de bisten wienen nearne te bekenen! Apekeninginne

Elizabeth hie alle bisten yn finzenskip nommen. Dêr wiene wy, krekt as bear Baloe, hiel fertrietlikoer. Al ús bisten freontsjes wiene fermist. Om se werom te krijen gienewyitdoarpyn om safolle mooglik punten te sammeljen troch alderhande opdrachten út te fieren. Wy hienespitigernôch net genôch punten fertsjinne om de bisten werom te krijen. Mar wy hiene in nij plan! Wy binne op 'e syk west om nije oanwizingen te finen.

En dat die fertuten! Wy fûnen in briefke, dêr't wy fan apekeninginne Elizabeth de opdracht krigen om ús kennis om bisten te ferbreedzjen, want wy wisten

neffens har noch net genôch. Mei dizze opdracht binne de bern nei hûs ta gien en ús syktocht nei de bisten giet moarn gewoan troch!



Krokolittens “HOLLE BOLLE TSJING!”

Troch: Eva en Anna

Trijntweintich graden en de hiele deis inne, wat wol je noch mear op de earste dei fan de Spulwike. De bern kamen mei in goedsin nei

Krokolittens, want it is fakânsje en de bern hienen wol noch toan in wike fol wille. Mar der is in grut probleem... Keninginne Antje-Amalia van Kroko-Nassau kin har by sûndere krokodil

net mear betelje; se giet fallt as se gjin hulp krijt...

It is oandebarnomsafolle mooglik krokodollars te sammeljen troch middel fan spultjes, oars wurdt de krokodil ferkocht oan Lady van Leer.

Fuortendaliks, doe't de groepkes bekend wienen, gienenseop paad om de shirts te sykjen. De bern wienentigeentûs jast. Se fregende hiele dit troch: 'mei ewe swimme?'

Mei dit moaie waarkoe dat natuerlik net oars. De Spulwike wie net iens in oere dwaande en de earste bern en liederen leinen al yn 'e feart.

Doe't eltsenien werom wie op it fjild begûnen de bern en liederen mei it bouwen en fersieren fan de tinten, mar de bern wienendrokkerdwaandemei it

fersieren fan de liederen. De markearstiften, glitterpennenen ferve wienen net mear fuort te tinken. It waard in sport foar de bern om de liederen safolle mooglik ûnder te kladderjen. Sport en Spul fûl

yn it wetter omdat de bern leaver hûndert bomkes meitsjeweonen yn de feart.

We ha de dei ôfsluten mei it haken op despulwike hit (spulwike-ke). Op nei de dei fan moarn!



Spulwike Wyldum “Wêr binne dy twadde liederen no?”

Troch: Ale-Sjoerd

Op moandei kamen de earste bern al fier foar de start oan yn Wyldum. Hearlik om te sjen hoe fanatyk as se wienen!

Doutsen en Dedmer wienen yn Wyldum bedarre en woenen hiel graach op safary, mar wisten net goed hoe't se dat oanpakke moasten, dus fregen se om help fan de spulwike bern. Mar wat wie dit no, mar ien lieder it groepke?? Dat koenatuerlik net, dus moasten de bern earst op 'e syk nei harren twadde lieder. Alle fermiste liederen sieten ferstoppt yn Wyldum. Mei in spesjale kaart fan Wyldum, dêr't alle strjitnammen te krijen hienen mei de groepsnammen fan de bern, moastende bern en harren

lieder op 'e syk nei harren twadde lieder.

Doe't eltsenien weryn de arena wie kaam it fergefjocht. De bern en de liederen sieten fan ûnderen oant boppe ta ûnder de ferve, it wie in grutte striid om sa folle mooglik ferve oer harren hinne te krijen. Se fûnen it allegear geweldich, endêrnei op de groepsfoto. De bern hienengoed harren bêstdien! Wylst de bern noch ûnder defervesieten, begûnense mei de safary spultjes. De hiele middei binne se yn it spier west om mar safolle mooglik punten te sammeljen. Al mei in inprachtearste dei, oant moarn!





DE SPULWIKE STIPERS FAN 2024

Autohuis Winsum www.autohuiswinsum.nl Winsum	Altis www.altis-bv.nl Wiuwerd	Ambachtelijk Timmerwerk Peter van der Hoek www.ambachtelijktimmerwerk.nl Spannum	Autoverkoopbedrijf v.d. Wal www.autoverkoopbedrijf.nl Winsum	Autobedrijf Pieter Miedema www.autobedrijfpietermiedema.nl Mantgum
Autobedrijf Strikwerda www.occasions.toyota-strikwerda.nl Dronryp	Autobedrijf Sybersma www.autobedrijf-sybersma.nl Easterwierrum	Autofarm www.autofarm.nl Sibrandabuorren	Automaterialen Ronald Morien www.ronald-morien.nl Wiuwert	Boersma & de Vries Uitvaartzorg www.Bvuitvaartzorg.nl Heeg
Bos Mechanisatie B.V. www.bosmech.nl Easterein	Bootsma Bouwbedrijf BV www.bootsmabouwbedrijf.nl Easterwierrum	Bike totaal de Jong www.biketotaal.nl Wommels	Bouwerij Teun Bouma 0622018449 Weidum	BV Sport www.bvsport.nl Ljouwert
Bosma Hout B.V. www.bosmahout.nl Hilaard	Bosma Bouw www.bosmabouw.nl Hilaard	Boubedriuw Kooistra www.boubedriuwkooistra.nl Kûbaard	Bouw-Tekenburo Wietse B. Ligthart www.bouw-tekenburo.nl Wommels	Bouwbedrijf Bootsma BV www.bootsma-tirns.nl Tirns
Bouw- & Restauratiebedrijf Sytse Douwe vd Vegt www.sdvandervegt.nl Weidum	Coop Supermarkt Tolsma www.coop.nl Winsum	Café/Snackbar Bonnema 058 2897578 Mantgum	Couperus Hydrauliek B.V. www.couperushydrauliek.nl Easterein	Café-Snackbar de Trijesprong 0517 234 861 Winsum
Caravan stalling De Alde Mar www.dealdemarstalling.nl Dronryp	Camper Talsma www.campertalsma.nl	Cafe bar de Welp www.cafebardewelp.nl Reduzum	Equilife Paardenartsen www.equilifepaardenartsen.nl Bears	De Vijf Sinnen www.devijfsinnen.nl Weidum
D Bouma keukensmontage en interieurbouw 06-48704042 Easterlittens	De Roo Compressoren 06 57220700 Baard	De Casanova 0615165802 Weidum	DAP it griene hert www.itgrienehert.nl Wommels	DDV bouw & tegelwerken 0657433380 Makkum
De 2 Gemeenten www.2gemeenten.nl Jirnsum	D.Kuipers mechanisatie www.dkuipers.nl Witmarsum	Doarpshûs MFC ‘De Jister’ 0517-342263 Easterlittens	Doarpshûs Weidum www.weidum.eu/ Weidum	Dorps huis yn’e mande www.facebook.com/ Ynemandewjelsryp/ wjelsryp
Doarpshûs MFC ‘De Tysker’ www.easterwierrum.nlde-tysker/ Easterwierrum	Doarpshûs Ús Honk www.wiuwert-britswert.frl/us-honk/ Wiuwert/Britswert	Eppie Veenstra Schilderwerken 0620987458 Baard	Ecohûs Fryslân www.ecohusfryslan.nl Wons	Eetcafe de Trilker www.detrilker.nl Poppenwier
Farsk www.farskbritswert.nl Britswert	Freonen fan Spulwike www.spulwike.frl/freonen-2/ Ljouwert	Fysiotherapie Fitness Feenstra www.fysiofitnessfeenstra.nl Winsum	FrieslandBagging 06 54954180 Winsum	F. Miedema dienstverlening 06 42947176 Easterwierum
Focus Groep www.focusgroep.com Joure	Gerard Greidanus B.V. www.greidanuswinsum.nl Winsum	Grandcafe it Reade Hynder www.itreadehynder.nl Wommels	Gastouderopvang Home Sweet Home 06 11448620 Wiuwerd	Gemeente Leeuwarden www.leeuwarden.nl Ljouwert
gemeente Súdwest Fryslân www.sudwestfryslan.nl Snits	Groentecentrum witmarsum www.groencentrumwitmarsum.nl Witmarsum	Hofstee Agro Consultancy meinthofstee@gmail.com Tirns	Hotel Restaurant WeidumerHout www.weidumerhout.nl Weidum	Herberch fan Nylân 0515 569 263 Nylân
Haaima Hylkema www.haaimahylkema.nl Leeuwarden	Hylkema Hydrauliekservice 0515 331 497 Reahûs	Hoekstra BV www.hoekstrasneek.nl Snits	Halte31 www.halte31.nl Dronryp	Holiday ice BV www.holidayice.nl Sint Nyk
Houthandel P Boersma www.houthandelboersma.nl Winsum	Hessel's Toiletwagenverhuur www.hesselstoiletverhuur.nl Stiens	It Krúswetter www.it-kruswetter.nl Easterlittens	It Dielshûs Party- en activiteitencentrum www.itdielshus.nl Wommels	JF Frankena Loonbedrijf en Grondverzet www.frankenawinsum.nl Winsum
J. de Haan Dienstverlening 0636505397 Wjelsryp	Klaversma Bouwbedrijf www.klaversma.nl Mantgum	Kamstra Steenhandel www.kamstrasteenhandel.nl Hinnaard	Kapsalon Rommy 058-2519049 Weidum	Keatsferiening “Wommels” www.kfwommels.nl Wommels
Klauw verzorg bedrijf vd Ploeg www.wiegervanderploeg.nl Spannum	Kooij Kozijnen www.kooijkozijnen.nl Jellum	Kaphûs www.kaphus.nl Reduzum	Kinderopvang LinQ www.kinderopvanglinq.nl Winsum	Koning en Strikwerda bouw en houtbewerking bv www.koningstrikwerda.nl Winsum
Knipkamer Rixt www.knipkeamerrixt.nl Wirdum	Leanbedriuw Okkema www.okkema.nl Easterein	Maatschap Peenstra 058 250 4321 Mantgum	Melkveedebrijf VOF Roorda Wytgaard 058 255 1515 Wytgaard	Miss CarClean rinskedijkstra1998@gmail.com Weidum



Wylde Wierrum “Skiterende survival yn Wylde Wierrum”

Troch: Judith en Frans

Det waddedei is oanbrutsen yn Wylde Wierrum mei in pear drip-pen út de loft, mar dat stiet fierter net yn 'e wei. Juster krigen de bern hús wurk mei, en nett-



sjinsteandedat Apekeninginne Elizabeth net tocht hie dat wy safolle ynformaasje fine soenen oer bisten, is it ús dochs slagge om har by it spul 'wier as net wier' te ferslaan. De bern wienesat úk dat Apekeninginne Elizabeth gjin skyn fankânshie. Op de tribune kaam in hin oanfleane mei it goeie nijs dat de bisten ûtsnapt wienen. Tegearre mei bear Baloe ha wy yn it doarp de bisten werom fûn. Underwilens skynde de sinne hearlik. Doe't wy wer op it fjild wienen, mochten wy ús klearmeitsje foar de earste survival yn Wylde Wierrum! Oeral yn it doarp wienes pulst sjustedwaandy'tús hiel fiis meitsje koenen. Doe't de survival dien wie, wie der hast gjin ien meartewerkennen. Dit wie in machtige ûnderfining foar elkenien en wat wy noch graach nochris dwaan wol!

Letterhaw yn och ynstruminten makke, sprongen op it lucht-

kessen, spilen tsientellen yn de safari, en fansels net te ferjitten: wy hawwe mei ús allen in

hearlike pankoek iten. Al mei al wie dit wer in dei foar yn de boeken.



Krokolittens “Lieders yn 'e feart !”

Troch: Sieger en Hedwich

Det waddedei begûn mei skitterend waar. De bern gienen it doarp yn foar spul om 'e piip. De bern hawwe ûnder oare flessefoetbal,

spikerpoepen in estafette dien. Alle lieders hawwe harren ûterste bêst dien om alle bern entûsjast mei harren spultjes meidwaante litten. De bern koenen in soad

bonus punten fertsjinjen troch lieders en haadlieders yn 'e feart te smiten. It gies om tiden selssamâl dat lieders hieltyd mear punten jaan woenen om in oare lieder de feart yn te krijen. Net allinnich leinen de lieders yn 'e feart, ek de bern woenen der graach yn foar bonus punten. Doe't de bern wer op it fjild kamen, hienen Jan Vonk en Freek Frouk in tûnkobra fûn... Alleast dat tochten se.. It blik nammentlik gewoan in tûnslang te wêzen. Nei de lunsj binnewy begûn mei fjildslach. De lieders hawwe mei harren bern op trije plakken yn it doarp ferskate spultjes dien. Troch lûd te sjongen en te razen wisten de haadlieders dat in nije groep mei bern der wer oankamen. Sa wie der in foarpriuwke fan de survival, blyn folleybal en it roverspul. Mei dy spultjes ha

Jan Vonk en Freek Frouk wol in echte tûnkobra fongen. De dei

hawwe wy prachtich of sluten mei wat snoep en de spulwike hit.



Spulwike Wyldum “De Safari-Survival”

Troch: Brent

De dei begûn mei de bern yn de arena. Se krigen in goeie warming-up fanwege it drokke programma fan de safari-survival. Nei de warming-up gienen alle groepkes tegearre mei in oar groepke op paad nei de earste spultjes. Op

dat drokke programma stienen ferskate spultjes sa as: fierljep-pen, trefbal, draaie mei de kraan en de grutte glyd baan.

It waar wie goed yn Wyldum; net te kâld mar ek net te waarm. Dêrtroch koenen de bern lek-

kern beweging bliuwe sûnder al te folle ûnderbrekkingen. Dat wie belangryk omdat se de opdracht krigen hienen om as des moarchstelieders en bern werom te kommen yn de arena foar de ekstra punten. Sawol de bern as de lieders

dienen hjir goed hun bêst foar (it drekbad help ek wol), sa kamen ferskate lieders en bern hielendal swart werom yn de arena.

Oan de ein fan de dei, nei't eltse-nien de measte drekôf spield hie,

waard der wer instik jere adetried fertelt. De bern hienen oerde ien safari-auto sjoen mei in liuw efter yn. Spitigernôch wie de auto no net mear te finen. Moarn mar wer fierder sykje nei de auto en de geheimsinnige park-ranger dy't efter it stjoer siet.



Wylde Wierrum “Wêr binne bear Baloe syn freonen bleaun?”

Troch: Allard en Meike

It wiesafier, op safary meide 2^e groep fan Spulwike. By de start wiene der gjin bisten esjen. Om se te lokjen, besleaten wy ús te

kamûflearjen. De bern waarden mei ferve besmoard en wiene net mear te sjen yn it gers, mar de bisten bleaunen fuort. Allinne de drôvige bear

Baloe, dy't syn freonen kwyt wie, kaam foarby. Hy fertelde ús dat a pekinginne Elizabeth de bisten ferstoppe hie. Mei in walky-talky berjocht befêstige Elizabeth dat wy útdage waarden om mear punten te heljen yn it bucketlist spultsje. De bern diene harren bêst, mar kamen ien punt tekoart. Elizabeth liet ús witten dat wy de bisten nea wer weromsjen soenen, omdat sy se sagoed ferstoppe hie. Wy besleaten in nij plan te meit-

sjen om it geheime plak te finen. Nei in speurtocht fûnen wy in briefke dêr't opstie dat wy neat fan bisten wisten en neat fan de safary bakt hiene. Dêrom waard de bern nei hûs stjoerd

meide opdracht om bisten te finen. Nei optesykjen en wat út te tinkjen om de bisten doch te finen. De bern hiene in leuke dei hân en wiene fêstberet om moarn de bisten wer werom te finen!



Krokolittens “Mei ús allen nei Wommels!”

Troch: Jurjen en Tessa

Hjoed hawwe wy mei ús allen nei Wommels ta west. De bern mochten nei

it sportfjild ta komme. We begûnen drekst goed, want der wiene twa bern jierdei!! We ha mei ús allen songen en nei

it sjongen begûnen we sa as gewoanlik mei de reade tried. Hjoed moasten wy nammentlik ien fan de Big-Five bisten, de nijlpony (de efterneef fan de nijlpaard), sykje yn it doarp en yn it swimbad. Fan 'e moarn moasten de bern mei de lieder op safary troch it doarp. Mei in soad kabaal kamen de bern mei folle bingokaarten werom op it keatsfjild yn Wommels. Se hienen wer wat krokodollars ferstjinne. Nei de lunsj gienen de lieder mei de bern yn in lange slinger fol entûsjasme nei de Klomp. Hiel Wommels moast witte dat wy der wiene!

We wiene noch mar krekt yn it swimbad en de earste bern leinen al yn it wetter. Fan mei heechtempo fan de glydbanen nei in reuze bomkeyn it wetter; neat wie te gek. It moaie waar soarge foar in grutte glim op de mûle fan de bern. Mei in protte

tsjinsin moasten de bern om ketier foar trijen it wetter út. Op it fjild sleaten we de dei ôf. De grutste fraach wie: is de nijlpony wer te plakke komt it wol goed mei de krokodollars? Dat is in fraach dêr't de bern moarn wierskynlik in antwurd op krije!



Spulwike Wyldum “Sportive dei bûten Wyldum”

Troch: Mees en Brenda

Hjoed binne wy yn de arenabegûn op 'e syk nei nije oanwizingen om it riedsel fan de geheimsinnige ranger op te lossen. Dêrnei

koenen de bern yn twa groepen op de fyts foar de fyts tocht troch de omliizzende doarpen: Weidum, Bears, Jellum, Boksum, Hilaarden Jorwert. Der wiene spultsjes yn de doarpen, mar ek twa clinics: toulûken en rugby, dêr't de bern fan alles learden. By de rugby clinic begûnen se mei it learen fan de basis: hoe moat je sa'n nuvere bal goaie en hoe kinne je immen tackelje sûnder der

sels lêst fan te hawwen.

De bern waarden holpen by it toulûken troch in Nederlânsk- en wrâldkampioen toulûken. Der wie ek in offisjele skiedsrjochter. Se ferwaarmen harren spier nea

troch ferskate fysike oefeningen te dwaan. It toulûken waard foar it earst útfierd troch profesjonele toulûkers. Dy manlju hienen ek spesjale kleanoand't foar kamen dat it tou skuorre. De bern fûnen it leuk en woenen oan alle rûntes

meidwaan. Yn ien groep striden sels 28 bern tsjin de 3 profesjonele toulûkers. De bern wiene tige grutsk dat se wûn hienen. Wy einigen de dei yn de arena. Fierdere oanwizingen oer de geheimsinnige rangerende ûntsnapteliiu waarden ûndersocht.



Fynst ek dat Spulwike bestean bliuwe moat?

Wurd “Freon fan Spulwike” en help ús om dizze machtige wike ek yn de takomst mooglik te meitsjen!



Gean nei www.spulwike.frl en klik yn it menu op “freonen”.



DE SPULWIKE STIPERS FAN 2024

Mts. S.A. en A.A. Schoustra Easterwierrum	Maatschap T.P. de Vries en L de Vries Krips en P de Vries Weidum	Maatschap Miedema Easterwierrum	Maatmeubel op de Hoek www.maatmeubel-opdehoek.nl Wommels	Murk's Slagerij www.murksslagerij.nl Wommels
MHB www.mhbav.nl Joure	Metz Style en Visagie www.metzstyle.nl Wommels	Montagebedrijf Marco Bakker www.marcobakkermontage.nl Wommels	Montagebedrijf W. J. Kramer 06-15574321 Winsum	Noten.nl www.Noten.nl Winsum
nieuwnieuw.com www.nieuwnieuw.com Dronryp	Noordmans maaiservice www.noordmansmaaiservice.nl Britswert	Ons Plaky 0653403053 Weidum	Op de Him www.opdehim.nl Jorwert	Poiesz Supermarkten www.poiesz-supermarkten.nl Mantgum
Pander Metsel en Voegwerk 06 41462808 Wiuwert	Pizza's van Atze www.pizzasvanatze.nl Weidum	Rik Cosijn Timmerwerken 0615165802 Jorwert	Rivera Nautic Watersport www.riveranautic.nl Wommels	Rene bosgraaf tuin & infra 06 22638186 Wiuwerd
R. Roskam Onderhoud www.ronnyroskam.nl Easterlittens	Silobags.nl www.info@silobags.nl Jorwert	Schoustra Dienstverlening 06 22801299 Easterwierrum	Stichting Ritske Boelema Gasthuis www.ritskeboelemagasthuis.nl Ljouwert	Postcode Loterij www.postcodeloterij.nl Ljouwert
Stal Okkema www.stalokkema.nl Britswert	Smids DesignStudio www.smidsdesignstudio.nl Weidum	Schukken Mechanisatie 0582519051 Hilaard	Swierstra VOF Gebroeders www.sibeswierstra.nl Weidum	Sybshop www.sybshop.nl Winsum
Timmer en onderhouds- bedrijf J. P. de Boer 0610949013 Bears	Togwel www.togwel.nl Wytgaard	Transportbedrijf Bakker BV www.transportbedrijfbakker.nl Reduzum	Troch Errit 06 23394575 Wiuwerd	Tichelaar dynamosch en start motoren www.startmotoren.nl Winsum
't Kniplokaeltsje 0515 332 320 Easterein	TheEarlybirds BV administratie@theearlybirds.nl Reahûs	VDL Stud www.vdlstud.com Bears	Van der Wiel www.vanderwiel.nl Drachten	V.O.F. Sietse Jorna www.sietsejorna.nl Wurdum
Van Balen Boekhoudburo www.vanbalenboekhoudburo.frl/ Jellum	Van der Velde slaapcomfort en meer www.beddoloog.nl Winsum	WIERDA dienstverlening 06 20593692 Wjelsryp	Wybe Durksz landbouwmechanisatie 0517 341 253 Easterlittens	Wiedijk BV 06 14394724 Jorwert
WondereWouter www.woutervdwal.nl Wiuwerd	Wim Schaafsma tweewielers www.schaafsma-tweewielers.nl Dronryp	Wiersma administratieve en Fiscale dienstverlening 0515 335 349 Wommels	Wiersma Tenten- en Partyverhuur www.wiersmatenten.nl Ljouwert	Wheagan Multicar Service www.wheagan.nl Wommels
Woonvaria Colors@home www.woonvaria.nl Wommels	Wiedijk Woodproducts www.wiedijkwoodproducts.nl Mantgum	Ydema kozijnen www.ydema.nl Dronryp	Zwembad de Klomp www.zwembaddeklomp.nl Wommels	Dorpsbelang Jellum/Bears www.jellumbears.nl Jellum/Bears
Dorpsbelang baard www.baard.info Baard	Dorpsbelang de fjouwer www.de4doarpen.nl Itens	Dorpsbelang Easterlittens www.easterlittens.nl Easterlittens	Dorpsbelang Hilaard/Hoptille www.hilaard.nl Hilaard/Hoptille	Dorpsbelang Jorwert www.dorp.jorwert.nl Jorwert
Dorpsbelang Mantgum www.mantgum.com/ Mantgum	Dorpsbelang Winsum www.winsum.frl Winsum	Dorpsbelang Wommels www.wommels.nl Wommels	Greide hoeke funs www.greidhoeke.com/ Easterein	Ondernemers vereniging Lekkumerend www.leeuwarderondernemersfonds.nl Ljouwert
Het Nieuwe Stads Weeshuis www.hetnieuwestadsweeshuis.nl Ljouwert	NUT Leeuwarden www.nutleeuwarden.nl Ljouwert	NUT Weidum www.weidum.eu/nut Weidum	stichting Bolsward Dronryp www.bolswarddronrijp.nl Boalsert	Stichting Jongerein Fryslân Fryslân
Stichting Holle Bolle Tsjing www.spulwike.frl/ Wommels	Stichting Wommels www.wommels.nl Wommels	Winkeliersvereniging de Schrans 0582139072 Ljouwert	Warenhuis van der Velde www.favandervelde.nl Wommels	Café Het Wapen Van Baarderadeel www.wapenvanbaarderadeel.nl Baard

Op hokker wize dan ek tige tank foar al jim stipe!

Wylde Wierrum “Apekeninginne Elizabeth yn de fal!”

Troch: Else en Jerryt

Freerk Fjoerwaard wekker mei in krokodiloansynfoet! Hy besocht de krokodil fuort te jaaien, wylst Jungle Jane deroan kaam. Ek sy wie biten, mar dan troch Wietse



syn lytse wjirm. Gelokkich koenen sy de krokodil en de wjirm gau fuortjaai! Skippie rôp dat se fan bêd komme moasten, want de bern kamen deroan! De bern hiene op Tsjoepstjoep in soad biste-weetjes leard en dat waard testen mei it spultsje “wier of net wier”. De bern wiene sa tûk dat se deútdaging wûnen! Ynienen kaam der in hin it fjild oprinnen, yn panyk, om’t er ûntsnaapt wie by Apekeninginne Elizabeth. De hin joech de bern de opdracht om yn Wylde Wierrum op ‘e syk te gean nei banaantsjes, dêr’t de Apekeninginne gek op is, om har

te fangen. Yn it doarp sochten de bern nei de bisten mei de banaantsjes by de hân. Nei in spannende speurtocht wie it tiid foar survival! Wietse, de survival ekspert, liet de bern

springe, gek dwaan, en tips leare foardat se troch de feart, ûnder de netten troch, en troch de drekgiene. Swartfans moargens kamen se werom. Uteinlik luktense Apekeninginne

Elizabeth mei de banaantsjes dy’t de bern ophelle hawwe út it doarpwei, endoe’t se ferskynde, waard se fongen. Se hie spyt en beneamde Baloeas den iebiste-kening! Ein goed, al goed!



Krokolittens “Op Foksenjacht!”

Troch: Ytsje en Marike

Hjoed wie spitigernôch alwer de lêste dei fan de Spulwike yn Krokolittens. De bern begûnen de dei sûnder harren lieders yn ‘e rûnte, want sy hienen harren ferstopt yn it doarp. Dit koe



natuerlik mar ien ding betsjutte: de Foksenjacht! Under oare Dora, Swieber de Vos en de Big Five wienen te finen yn it doarp. De bern moasten allinnich oppasse foar de stropers, want dy woenen de krokodol-

lars fan de bern ôfpakke dy’t se fertsjinje koenen by de foksen. Dit woenen de bern natuerlik foarkomme, want de krokodollars wienen nedich om keniginne Antje-Amalia van Kroko-Nassau te helpen sadat se net fallt giet. Middeis wie it tiid foar de survival; in ûnderdiel dêr’t in soad bern nei útseagen. De bern moasten goed útsjen nei de swiereswimswyn dy’t se mei de survival sjen koenen. Neist it swiereswimswyn wie ek de brânwacht fan Mantgumtesjen by it búkskwen, sadat de bern noch better glydzje koenen. Under de blauwe drekkamende bern wurch mar foldien werom yn ‘e rûnte dêr’t it tiid wie foar de finale fan ‘Myn Lieder Is De Bêste’. Der waard ek bepaald hokker groepke no it allerbêste

is fan Spulwike 2024! De bern wienen hielendal yn ‘e ban fan Spulwikeferkerings. In soad lieder binne oan elkoar keppele moasten fan de bern dan ek mei elkoar ‘Tute, Tute, Tute!’ Oan de ein fan ‘e dei wienen wy hiel benijd oft we wol genôch krokodollars sammele hienen om de krokodil te hâlden en syn aaien brûke te kinnen foar de pankoeke. Gelokkich wie it slaggetroch it hurde wurkjen fan de bern, sadat we oan de ein fan ‘e dei mei ús allen lekker pankoeke ite koenen op it plein.

Mei de optocht moast der hiel wat gelúd makke wurde, dus mocht de bern ynstruminten meitsje. Mei bûter- en kwarkbakjes, ballonnen, bierdoppen en wc-rollen ensfh. waarden de moaiste kreaasjes makke!



Fansels moast der earst noch in fervegefjocht komme, want skjin yn de optocht kindochsnet! Mei grut kabaalen in hiel soad ferve hawe de Spulwike ôfsluten mei in machtige optocht.

Wy sjogge werom op in machtige Spulwike!

Spulwike Wyldum “Wetterwille foar Wyldum”

Troch: Lianne

Hjoed wienen we mei de bern yn Wommels. Nei de lange fyts-tocht fan

juster moasten de bern hjoed wer op de fyts, mar net foar neat, we gienen nei swimbad “De Klomp”!

Oh, wathienen de bern sin om teswimmen en om gekte jeien mei delieders. Underweis nei Wommels hawwe we twa routes fytst. De iene helte fan de bern fytste route 1 en de oare

helte route 2. Troch dit foar de weromreis om te draaien fytsten we noait itselde stik twa kear. Underweis hawen natuerlik noch spultsjes dien foar de punten. Doe’t we yn Wommelsoankaam wienen sprongende bern gelyk it wetter yn. Se binne derest fan de middei ek net mear út west, oant we werom nei Wyldum moasten.

Doe’t de bern werom yn de arena wienen stie der ynienen de geheimsinniger angerdy’tse earder dizze wike al sjoen hienen. Hy hie ús help nedich mei it fangen fan de liuw, want dy wie ûntsnaapt. Hij hat ús útlein hoe’t we dat dwaan moasten. Dêrnei ha we goed oefene mei de bern, want de liuw wienochal

gefaarlik.

No is it earst tiid foar pankoeke. De bern ha bulten pankoeke opiten. Hearlik!! Nei it iten moasten de bern harren bêden klearlizzen harren klearmeitsje foardat de disko. Wat in prachtige feest wie it!! No margau op bêd.





Spulwike Wyldum “Untsnapte liuw yn Wyldum”

Troch: Elisa & Minke

Nei in fantastyske diskokamen de bern fan it bêd ôf mei in spulwikekater, se hienen fansels oan it spulwike bier sitten. It bêdeguod waard opromme endêrnei binnewe meide hiele groepneidetsjerke fan weidum rûn. Der stie in hearlik moarnsbrochje foar ús klear. As je op safary binne stiet der net altyd iten foar je klear, dus mochten de bern eksels harren bôle ôfbakke.

Underweis nei de arena hearden we gebrul fan in liuw. De

liuw siet opsluten yn de safary-auto. Hy moast earst efkes ta rêst komme, dus de bern ha earst spultsjes dien, mei ûnder oare: safarystratego, in bistekwis en in krokodillerace. Nei de spultsjes wie de liuw rêstich genôch om frij litten te wurden. Gelokkich hie de ranger ús ferteld hoe't we de liuw yn betwang hâlde koenen. Wy moasten in grutter ûntemeitsje mei alle bern en stadich op de liuw ôfstappe. En dit slagge!

Wefregen ús ôfwêrom't de liuw sagraach yn Wyldum wêz woe. De liuw kaam nei foaren en fer-

teldedat hy ek graach mei de Spulwike meidwaan woe. Hy moast him fansels alefkes bewize, want kinneliuwen wolsurvivalje, sjonge en dûnsje? De liuw die it goed endêrom mocht er meidwaan! Nei it opromjen fan de tintsjes waarden de lêste ferskessongen en krigen de bern harren fotolistjes. Mei in earehage fan lieders waarden de safaryrangers van Wyldum útswaait. Bern, betanke foar de prachtige safary!!



De foto's yn de Spulwike krante binne makke troch: Nynke Pater, Romy Postma, Ivo Rinia, Stella Dijkstra en Jort Wijnstra. Tige tank!

Stipers, freonen, frijwillichers en eltsenien dy't Spulwike mooglik makket, tige tank foar jimme stipe!



Bisto benijd nei mear foto's en wolst op 'e hichte bliuwe fan Spulwike? Folgje ús op Facebook en Instagram fia @spulwike.littenseradiel!